

FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 25 april 2006 byinoar west by Anna Hemstra oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Fierder binne in oantal saken besprutsen. It wichtichste is wol it folgjende: It kostet de ponghâlder (mei troch it almar oprinnende ledental) alle jierren mear muoite om de sinten op tiid op de rekken byskreaun te krijen. De oprop om te beteljen, sa't dy alle jierren op de wurklist stiet, wurdt blykber net troch elkenien like goed lêzen, of it blêd wurdt oan kant lein en it beteljen wurdt fergetten. Dit betsjut dat der ien, twa en somtiden sels trije kear immen fernijt wurde moat, foardat it beteljen plakfynt. Ofsjoen fan it wurk, de kosten en de argewaasje, nimt it fierstentefolle tiid yn beslach. Boppedat wurde wy ek konfrontearre mei almar hegere kosten foar it betellingsferkear. It útstel fan it bestjoer is dit: mei yngong fan dit jier fiere wy it automatysk ynkassearjen yn. Dit hâldt yn dat wy fan ús leden it stipersjild fan it lêst bekende bank- of gironûmer automatysk ynkassearje sille oan it begjin fan it jier. Foar 2006 hâldt it yn dat fan dyjinge dy't noch net betelle hat, it stipersjild no al ynkassearre wurdt. Foar nije leden, dêr't noch gjin bank- of gironûmer fan bekend is, stiet op dizze bledside noch wol de oprop it stipersjild oer te skriuwen. Yn de takomst sil dat nûmer dan ek foar ynkasso brûkt wurde. Foar eltse persoan is de ynlage fiif euro, sadat pearen tsien euro betelje en ienbere persoanen fiif euro.

Ferfolch sjoch oare side

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2006 – 2007

It plak: De boppeseal fan De Raadsman, it begjin is alle jûnen om healwei achten.

Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou , tillefoan 0566-621992

Tongersdei 2 novimber sille **Ytsje Huisman-van der Meer** (út It Leechlân), **Yke de Groot-Tilma** (fan Sitebuorren) en **Anne de Groot** (fan Goattum) it ferhaal oer harren libjen, wenjen en wurkjen yn it bûtengebied fan Grou ôfmeitsje û.l.f. **Hepke Hiemstra**. Se binne de oare kear stykjen bleaun yn de moanne augustus.

Tongersdei 14 desimber komme der twa manlju yn oparbeidzjen foar it buordsje.

Bonne Bruinsma, jierrenlang nei bûtenút de Sint Piter-saakkundige fan it doarp, en **Bauke Hooghiemster**, jierrenlang Sint Piter himsels, sille ús dizze jûn yn de kunde komme litte mei saken fan en oer Sint Piter dêr't wy gjin weet fan hawwe (kinne).

Tongersdei 11 jannewaris. **Jan van der Leij**, arsjitekt-direkteur op it Bonnema-kantoar (fan û.o. de Achmea-toer) skriuwt yn syn beheinde frije tiid (meast) koarte ferhalen. Hy sil ús hjir (faaks mei in knypeach) wat oer fertelle en wat hearre litte. Nei it skoft sil er it ek ha oer 'moderne' arsjitektuer (en it misbegryp dat minsken dêr faak by ha), it wurk dêr't er him sels by Bonnema-architecten mei dwaande hâld en sil er wat opfallende saken yn Grou by de kop pakke (sawol âld as nij, goed as ferkeard).

Tongersdei 8 maart nimt **Sietse Heidsma** ús mei op in kuier oer 'de dyk', it lân en de pleats.

Graach Jo ynlage oer it jier 2006 (€ 10,00 foar pearen , € 5,00 foar ienbere persoanen) foar 15 oktober oerskriuwe op giro 1252971 fan de Stifting Grou.

In twadde punt is noch dit: troch it al neamde oprindende ledental is it foar it bestjoer de leste tiid op ús jûnen net altyd goed nei te gean wa't der no wol stiper binne en wa net. Wy geane der wol fan út dat as Jo in gast meinimme, dat Jo dit al eefkes witte litte en dat der ek foar dy gast betelle wurdt.

De gearstalling fan it bestjoer is fierder net feroare. Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Frâns Bakker ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong en Bauke Lageveen meitsje it bestjoer folslein.

TE KEAP

By de ponghâlder binne noch in tal boeken te keap:

De Krite yn 'e kranse	S.A.Schoustra	ien euro
Trije Grouster Stúdzjes	S.A.Schoustra	ien euro
Grouster Almenak	T.B.Hoekema	trije euro
Grouster Toponymen	S.A.Schoustra/T.B.Hoekema	fiif euro
It Gild to Grou	S.A.Schoustra	fiif euro
Grou 2000	S.Douma e.o.	fiif euro

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2005 – 2006

De earste jûn fan it winterskoft 2005/2006 op 20 oktober. Yede van der Veen, ús foarsitter iepenet de jûn en kin in stiiffolle seal wolkom hjitte. **Sybren van der Vlugt** sil dizze jûn foar ús fersoargje mei bylden fan Reinder Bouma. Dizze twa wurde fansels apart wolkom hjitten. Foardat Sybren it wurd krijt, wurde earst de foarskriften fan de brânwar trochnommen. Der binne nochal wat easken dêr't de minsken harren oan hâlde moatte. Ek makket Yede bekend dat der in brief nei de Gemeente gongen is y.f.m.de ûntwikkelingen fan wer- en nijbou yn ús doarp. Sybren begjint mei in foto fan in bus dy't heal yn de berm en heal yn de sleat leit, healwei Jirnsum. De titel fan dizze jûn is: Fan Jirnsum op nei De Vrijheid. We hearre en sjogge wer in soad. De 'Twa Gemeenten' yn Jirnsum, merke yn Jirnsum en dizze merke soe gjin merke wêze as der gjin Grousters kamen. In gedicht út de krante fan 1915 oer Jirnsummer merke. Men koe eartiids mei in botsen 5x wat dwaan. Ek waard der ferteld oer Aldskou dêr't yn 1500 al in brêge komme moast, oer doarpen sa as Reduzum, Goutum en oer de Beslingastate yn Friens, dy't der mar 21 jier stien hat. Oer de boargemaster Van Sytsema dy't yn 1841 wenne yn Friens en boargemaster fan Idaarderadiel wie. Dan farre we meielkoar nei de spoarbrêge út it Swin wei. Op 14 april 1945 fernield troch de Dútsers. It waard doe in skipsbrêge. Trije ploegen fan 3 minsken wiene der mei besteld. Yn 1951 kaam der wer in brêge mei dûbbel spoar. (Aldskou en Jirnsummersyl wiene ek fernield). Troch de brêge wie oan wjerskanten gjin bebouwing. We farre Graalda foarby en it bûterfabryk, dêr't men ek oerset wurde koe. Dat stee hjitte 'Sint Piter-polle'. Mei de moaie bylden derby sjogge we de stoomboat, de molkskouen, it 50-jierrich bestean fan it bûterfabryk yn 1946, de sluting yn 1969 en de ôfbraak yn 1982. Yn 1965 is der út de fabryk 150.000 gûne stellen. Bylden mei útlis fan Jirnsummersyl, it brechje oer de Hainjefeart, de tichtset fan Roel de Jong yn It Swin, de spoarbrêge yn 1920 mei mûne, it perron yn 1941 en 1947 en it spoarhúske yn 1950. De "Jonge Valk"-mûne yn 1895, de fabryk fan Van der Ploeg mei brânkasten en brânsputten, Piebe v.d. Berg yn 1965 mei snoeken fan 18- en 24 pûn, it korps yn 1952 oer de brêge by Kaastra dêr't de boppebou yn 1978 ynelkoar sakke is. Sybren en Reinder binne goed op elkoar ynspile.

Fan Westerbuurt oant Baai, fan hotel Oostergoo fan de famylje Dokter oant de famylje Braam, oer de brân yn 1975 yn it hotel, fan de kade nei de Bliken en fan de iisklups nei de aaisikersklup "De Ljip". Ek de Baai en Westerbuurt komme oan bar. De earste jûn wie wer as fan âlds tige noflik mar ek nijsgjirrich.

Joke Adamse-Deelstra fertelt op 8 desimber oer har sjongkarriêre. Yede iepenet de jûn en hjit elkenien wolkom en yn, 't foarste plak fansels Joke. Rein en Joke hawwe wer moaie bylden útsocht by it ferhaal fan Joke. We sjogge earst foto's fan har sels, fan har heit en mem en fan de beide pakes en beppes en de 3 Deelstra famkes. Joke har sjongen begong mei in krystspul yn 1954. It koar Viva La Musica û.l.f. Joh van Stralen hat mei de basis west fan har karriêre.

Nei de legere skoalle hat sy 2 jier ULO hân. Doe't Van der Velde, de pedagooch fan doedestiids sei: "Zeg kind je blijft toch zitten", wie it OVER EN UIT. Doe nei it Hearrenfean nei de húshâldskoalle en krige dêr ek muzykles fan de hear Heslinga. Ek hat se les hân fan Akke Swart. Joke hat as bernefersoargster yn Petten wurke, letter yn Haren yn it Blineynstitút en doe noch 6 jier op de Bûtenskoalle yn Ljouwert en is yn 1967 troud mei Jan Adamse.

Troch in studzjebeurs fan it Kor Ket Fûns hat se les hân yn Heemstede fan Annie Hermen. Yn de Ljouwerter Bach feriening hat se 25 jier songen en ek mei La Deutekom.

Optredens wiene der û.o by de Ned.Ver. Van Huisvrouwen, yn de Sint Bavo yn Haarlem, de Jonkerboer, it 50 jierrich bestean fan it Grouster koar yn 1962 en fansels Cantara.

We hawwe muzyk heard fan it Grouster koar doe't dat 75 jier bestie(Hymne fan Mendelsohn) mei Joke en noch mear sjongen heard fan harsels. Joke beslút de jûn mei ferskate anekdotes. It wie de muoite wurdich. In tige moaie jûn. Miskien binne der ûnder ús stipers mear fan sokke lju.

2006

De jûn fan 19 jannewaris waard wer fersoarge troch **Ype Sytema**, alias Ype Geit sa as er himsels oankundige. Yede van der Veen, de foarsitter iepenet de jûn mei in hertlik wolkom en al wie it oan de lette kant, foar elkenien in goed en sûn 2006. Ype hat it oer by(skel)nammen en begripen en fierder oer it eigene fan Grou.

It giet in haadsaak oer de jierren 1953 en 1954. De krante Oostergoo wurdt trochnommen.

We sjogge mei bylden fan Reinder Bouma de Halbertsma's montaaazjehal, de brêge oer it nije kanaal wurdt op 08-01-1953 iepene, de pont fan de Nesserdyk en it opspuite lân . (De nije ferkearsbrêge is yn 1962 oanlein). Yn de krante stiet: Tjitte Bleeksma (Tango) is naar Nieuw Zeeland vertrokken. Jan Steegstra en Rika van Zandbergen hawwe in tankbetsjûging mei foto fan harren troudei. Yn de Hoofdstrjitte wurdt boud. De winkel fan Van Borssum Waalkes wurdt grutter. Auke Achenbach wurdt beneamd as learaar oan de MULO. Op 3 febrewaris 1953 iepening fan de winkel fan K.Wapstra en B.Boerke. Jan Boerke ferhuzet nei de Hoofdstrjitte 72 (kapperszaak). By de wettersneedramp hawwe Grousters yn Seelân holpen en de Oostergoo nimt ein febrewaris hjiroer in gedicht op fan de Brêgebidler (Jan Obas). Sikke Bangma slagget foar "ijsbereiding en banketbakker" en lytse Jikke is berne, dochter fan Aukje en Wouter Deelstra. Der wurdt harren in krintebôle oanbean fan 24 pûn en 1 meter 50 lang. 11 Jier troud, foar't Jikke kaam.

Jan van der Velde wurdt dephôlder fan de CAF en by de tekenskoalle slagje û.o. Rudy Veenstra, Lammert Hoekstra, Douwe van der Meer, Harm Krist en Geart Klaassens. Leararen wiene doe Wieling, Van Asperen en foar de praktyk Ruurd Smit en Kuipers.

Bylden fan de famylje Thomas Engelsma op harren skip, it Mingd Koar harren 40-jierrich feest. Jan Lendekamp yn de winkel. Stoarn op 49 jierrige leeftiid. Oprjochter fan de AVVL yn 1948 yn Grou. Atze en Gepke van Stralen komme yn byld en de smidterij fan Joute-Bontsje. Yn 1955 komt Bottema yn de saak. Durk van der Schaaf en Liestroo binne 25 jier by de PTT, yn 1953 hat de VVV 40 jier bestien, Bartele Bouma hâldt op as timmerman, de MULO krijt in nije skoalle (no al wer ôfbrutsen) en op 6 febrewaris 1954 is oer iis de "Ronde fan Grou". SSS huldiget Thys Terpstra op 5 maart 1954 as earelid, de Nutsspaarbank hat op 14 maaie 1954 40 jier bestien en op 22 maaie 1954 is de oerdracht fan it Steatejacht. De skûtsjekommisje en Jong Frisia besteane 30 jier, de Menniste tsjerke 125 jier. Yn septimber 1954 wurdt de Jeugdherberg iepene en yn novimber giet boargemaster Renken fuort. De lêste bylden dy't we te sjen krije binne fan Tsjebbe en Syp van der Meer. De nije frachttsjinst, in bealch fol wurk. In gedicht fan Hylke Speerstra oer de frachttsjinst en syn skoanheit hawwe we as slotstik fan dizze prachtige jûn.

Nei in koarte en manmoedige striid (sa stiet yn de adfertinsje) ferstjert op 20 jannewaris **Kornelis Wiggele (Kees) Kleinhuis**. Hy wie jierrenlang wurksom by seilmakkerij Uppie de Vries. Mei syn frou Gryt wie er gauris te gast op ús jûnen. In oantal dagen letter, op de 29^{ste}, giet fan ús hinne **Sijbrigje Deelstra-Tasma**, widdow fan Jan Deelstra. Hoewol se it lêste skoft fan har libben yn Leppenheim yn Akkrum wenne, bleau se tige belutsen by de Stifting.

Dan 9 maart, de lêste jûn fan it winterskoft. Gearstalling en presintaasje: **Hepke Hiemstra, Yke de Groot-Tilma, Ytsje Huisman-van der Meer en Anne de Groot**. It tema fan dizze jûn is: Hoe ferrûn it libben foar de oarloch op 'e pleats.

Foarsitter Yede van der Veen iepenet de jûn en hjit elkenien wolkom. Hepke krijt daliks it wurd en leit út wat de bedoeling is dizze jûn. Hy sil de sprekkers ynliede en om bar sil elkenien wat oer it ûnderwerp fertelle. Earst sjogge we in kaartsje fan de omkriten fan Grou út de jierren 50.

De pleats dêr't Yke berne is (Sitebuorren), de pleats dêr't Ytsje berne is (Biggemar) en de pleats dêr't Anne berne is (Goatum). Yke komt earst oan it wurd en ferteld oer har pake en beppe, heit en mem, de pleats en doe't se der sels wenne mei har man Wierd en de bern.

Ytsje ferteld oer de kop-hals-romppleats, oer har heit en mem en de húshâlding fan eartiids en Anne ek oer de pleats fan 1878, de húshâlding en de famylje. Alles wurdt mei bylden yllustrearre, fansels mei gearwurking fan Reinder Bouma. Yn waar en wyn, mei mist en stoarm en grûniis, sa moast men altiten mei de roeiskou en letter mei in motorke sjen om yn Grou te kommen fan Sitebuorren en de Biggemar. Anne koe om't it kanaal der noch net wie, rinnend oer de Nesserdyk (no Troelstrawei) yn Grou komme en hoegde ek net yn 'e kost yn Grou, lykas de beide froulju.

By alle trije wie it moarns betiid dei. Om 4 oere moast der molken wurde. De molkfarder Hindrik van der Goot kaam altiten as earste op Sitebuorren en by de Biggemar kaam Abe Feenstra en by De Groot waard de molke ek betiid ophelle. Der waard in hiele protte stof op it aljemint brocht. Fan keallerij (altiid yn 'e nacht), sykten ûnder it fee, skiep en it lamjen, skiepknippe, bûthûshimmelje, boartsjen, skoalle, flieën, luzekaam, kij yn de maitiid wer nei bûten ta, de reizen fan de feedokter nei en fan de pleats en dat jilde ek foar de húsdokter, mûnsternimmers en nije feinten en fammen (12 maaie). Ek de bakjerinners, Bauke Peul út Reduzum en Slager út Jirnsum kamen efkes lâns. Tige nijsgjirrige ferhalen en bylden. Yn dizze tiid hast net mear foar te stellen dat it libben der sa hinnelei. Hjoeddedei mei alle technyk om elkenien te berikken, mei motorboat as raceboat it wetter op, as mei de auto nei Goatum, Sitebuorren en Biggemar en is it waar min dan is de telefoan der en de kompjûter. It jout oan wat in ûntwikkeling de maatskippij trochmakke hat yn al dy jierren. In jûn wer hiel oars as oars, mar de tank fan ús foarsitter oan Hepke, Yke, Ytsje en Anne wie dan ek hielendal op syn plak. De tarieding dy't dizze minsken hân hawwe om foar de stipers sa'n jûn te fersoargjen is net sa mar wat. Wa wit krije we noch in ferfolch te hearren, want hja wiene noch net klear mei it ferhaal. Der sitte fêst noch wol mear stipers ûnder ús dy't wat fertelle kinne op ien fan ús jûnen.

Dan komt der in lang simmerskoft dêryn kin samar in hiel soad foarfalle: Ynearsten sliept fredich yn op 8 juny **Douwe Atema**. Wy wolle op dit plak eefkes langer by dit feit stilstean, mei troch Atema syn krewearjen foar de Stifting. Douwe Atema wie in boarne fan ynformaasje oer âld-Grou, Grousters en âld-Grousters. Wêr't it ek oer gong, hy hie der hast altiten wol in ferhaal by. Hiele jiergongen fan de Frisia waarden thús neipluze en jierrenlang die er ek in soad ûndersyk yn de tsjerkeboeken en yn it argyf fan de gemeente op it Ryksarchyf. Mei help fan syn oantekens hat Atema hiel wat jûnen foar de Stifting fersoarge. Syn earste lêzing wie op 25-1-1979 doe't er it hân hat oer twa fan syn grutte leafhawwerijen, It Grouster Koar en it toanielspyljen by It Grouster Toaniel. Yn datselde jier, op 25 oktober, hat er foar it earst in Frisia ferkrante. Dy fan 1925.

Yn de rin fan de jierren binne der sa in protte jiergongen fan de Frisia op it aljemint brocht. En as er dan in nijsgjirrich foarfal opneamde, wie it meast sa fan: "Ja sjoch, ik wit noch dat" en dan kaam der steefêst in oanfolling of ferhaal op it foarfal of de persoan dêr't it oer gong. Syn lêste offisjele lêzing foar de Stifting wie op 19 oktober 2000. Mar dêrnei hat er dochs noch ien kear foar it buordsje stien. Wy mochten nammentlik yn needgefallen altyd noch in berop op him dwaan.

Dat op 7 maart 2002 hat er op it lêste momint de sprekker fan dy jûn, dy't siik wurden wie, ferfongen. Mar behalve as sprekker wie er ek in trou besiker fan ús jûnen. Hy hat yn de rin fan de jierren net faak mist. Op 20 jannewaris 2005 jier hat er foar it lêst by ús west op de boppeseal fan De Raadsman. It is spitich dat hy nea wat foar ús op in bantsje of op papier sette woe. Wy tinke dat der dêrom no weardefolle saken, en dit net allinne foar de Stifting, fuort binne. Mar it wie Atema syn eigen beslissing en we sille ús der by del lizze moatte. Gelokkich binne al syn oantekens yntusken wol by de Stifting telâne kommen. Wy allegearre hawwe yn him in freon of goekunde ferlern, mar it doarp hat in soan ferlern, in Grouster yn ieren en sinen.

Frâns Bakker hat út name fan de Stifting op de betinkingstsjinst Atema mei in pear wurden betocht. Noch mar 4 dagen letter, op 12 juni, hat noch sa'n Stânfries ús ferlitten, **Jan Jan de Wal**. Bekend Grouster, timmerman/oannimmer en faak foar de mienskip yn't spier. Ek foar de Stifting hat er in pear kear in lêzing holden, û.o. oer dokter Eeltsje, skippers dy't yn Grou oanleinen en oer it grut tal winkels yn syn jongfeintejierrren. Yn de waarme july-moanne binne ús noch twa stipers ûntfallen. Earst op 29 july **Neeke Rottiné-Boon**. Wy hiene noch mar krekt in adreswiziging fan har krigen. Spitichernôch hat se net lang yn it Friesmahiem wenje mocht. En **Johannes (Joop) Leistra** is op 31 july ferstoarn. Sûnt in tal jierren stiper en in trou besiker fan ús jûnen, meast mei syn broer Sjoerd. Joop fertsjinne de kost op it izerfabryk (Volma). By testamint hat Joop oan de Stifting in jildbedrach neilitten. It bestjoer wie tige ferrast en tagelyk tige wiis hjirmei. Wy besykje hjir in passende bestimming foar te finen. **Wieger Wartena** (âld-opsichter by de gemeente Idaerderadiel) is op 14 septimber ferstoarn yn Weidum, dêr't er it lêste healjier wenne. Yn earder dagen in geregelde gast op ús jûnen.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze. Sa njonkenlytsen wreidet it argyf fan de Stifting him hyltyd fierder út. Sawol de foto- en aansichtensamling (dêrfoar kinne Jo terjochte by Bauke Lageveen) as de 'oare' samling. Foar it be- en ferwurkjen fan ús 'oare' archyf soene wy graach wat help krije. As Jo in kompjûter hawwe mei in Excell-programma en Jo sykje (kommende winterskoft) tiidkoarting, dan soene Jo ús grif helpe kinne. It wurk kinne Jo gewoan thús dwaan en krekt as it Jo útkomt. Hjirfoar graach kontakt opnimme mei Frâns Bakker.